

# TRAGYK EN HUMOR YN 'DE AMERIKAEN'

FD 17.6.1978

Durk van der Ploeg mei syn boeken graech bigjinne mei ien of mear sitaten út oarmans boeken. Syn nijste roman mei de titel "De Amerikaen" giet ek net sûnder biwizen fan bilêzenheit de wrâld – of alteast Fryslân – yn. Dizkear dipt Van der Ploeg swolgen op fan Ovidius, G. Jacobsz en Arthur Schopenhauer.

## NIJE ROMAN FAN DURK VAN DER PLOEG

Net fan Henry Francis Lyte, wylst dy syn gesangrigel "Change and decay is all around I see" (Foroaring en forfal is alles hwat ik om my hinne sjoch) it meast passende sitaet is, dat ik foar al Van der Ploeg syn wurk bitinke kin. Geastlik en lichaemlik forfal, de dea, dat binne Van der Ploeg syn ûnderwerpen omaris. Al skriuwend bisiket hy to efterheljen, hoe't minsken har dêrmei rêdde. Se rêdde har der net mei, se hawwe in bidroefd bytsje oan har kristlik leauwe en minsken binne biroerde fortreasters. Syn romans "In man en in minske", "It libbet mar amper" en "Een vers graf" (de lêste yn it Hollânsk) binne pessimistyske forhalen fan foroaring en forfal yn it bisten fan de haedpersoanen. Ek "De Snoekebek" en nou dan "De Amerikaen" hawwe tryste figueren as haedpersoanen, mar Van der Ploeg brûkt yn dizze forhalen de humor, dy't fansels noait alhiel absint is, hoe mâl it ek giet, as oalje op de weagen fan it needlot.

Ik bihein my nou fierder ta "De Amerikaen", in forhael mei in tragyske ûndergroun, mar dêr buorrelje sokke brike forhâldingen en situaesjes út op, dat de lêzer mooglik wol de tragyk yn de libbens fan de beide haedpersoanen der by forjit. Ik leau net, dat dat forjitten de bidoeling fan Van der Ploeg is. Op de efterkant fan it boek wurdt tominsten nochris wiisd op de yn wêzen bigreatlike

oanlieding ta dit humoristyske forhael mei thriller-efrige trekken.

It forhael bigjint mei Govert Hylarides, in man fan sa'n sawntich, dy't koartlyn de frou forlem hat. Hy húsmannet allinne om, is ûnwennich, mar ek wer tige tofreden mei syn nije frijheit. Hy fielt him net mear bikronken troch syn frou Minke en de tekst oan de muorre mei "Wentel uw wegen op den Heere" is ek fan Minke, net fan him. Hy is goed soun en sil noch hwat fan syn libben meitsje. Mar al gau narret him de iensumheit. In frou yn 'e hûs – net foar it wurk, mar foar de pronk en de sier – soe wol aerdich wêze. Hy set in adfortinsje en hy krijt andert út Amearika fan Alice Santema-Wiarda út Scotsbluff yn de steat Nevada. Alice is widou en wol graech werom nei "Holland". In kykje byldet har út as in kreas en feardich frommis fan sa'n fyftich jier.

Hylarides hapt ta, hwant bihalven de pronk wankt ek it aventûr. Alteast yn syn fantasijen. Mar as er har ôfhellet fan Skiphol "wist er sa gau net hwat er sizze moast. Dêr stie er mei in pûrfjremd âld wiif út Amearika op Skiphol en beide oars gjin doel as nei Fryslân". It kykje die bliken wit-hoe âld to wêzen. Mar Hylarides kin Alice al min weromstjûre nei Scotsbluff.

Hwat fantasearjen oanbilanget is Alice noch folle mear mânsk as Hylarides. Hja mjit harsels in komplette Wyld-West libbensskiednis oan. Togearte glydzje se hieltyd fierder fan de werklikheit ôf.

Hylarides wol Alice wol hieltyd kwyt, mar hy wit net hoe. En as it safier is, dat er al wit,



DURK VAN DER PLOEG

hoe't er har kwytrettsje moat, dan hat er safolle skuldgefoel en in mingsel fan bigreatsjen en solidariteit, dat er der eins net mear ta komt.

Troch it forhael hinne spilet in revolver in rol. Yn dizze episoaden makket Van der Ploeg in handich gebrûk fan de televisy as boarne fan eangstgefoelens, binammen by âlde en iensume minsken dy't lykas bern, gjin ûnderskied meitsje tusken de bitochte "werklikheit" fan in Kojak-film en de werklikheit yn it gewoane bisten.

Van der Ploeg hat én Hylarides mei syn knoffelichheden én Alice mei har wanhopige, fyn-ynleine trucs om mar by Hylarides bliuwe to kinnen en net yn in tohûs to bidarjen, knap biskreaun. Men moat gauris laitsje om de streken fan Alice en it ûnhandige wjerwurk fan Hylarides, mar it is dochs net hielendal in dolkomysk forhael. Under it boartlike, it mylde en bigripende, dat Van der Ploeg tapast yn dit forhael, hâldt de skriuwer de tryste ûndertoan ek geande.

Myn fraech is nou wol, oft Van der Ploeg ek in tuskenwei wit tusken de tichtsleine kimen fan de haedpersoanen yn "In man en in minske", "Een vers graf" en "It libbet mar amper" en de dochs hwat oanslingere grappen yn "De Amerikaen". Mooglik kin dy tekst fan Minke "Wentel uw wegen op den Heere" – der stie neffens my op sa'n wandforsiering "Wentel uwen weg op den Heere" – tsjinst dwaen.

It omslach fan Ies Spreekmeester lit Alice yn al har Amearikaenske goarje sjen.

T. M.

# PRINTWURK

Durk van der Ploeg – "De Amerikaen".  
Utgewerij BV Friese Pers, Ljouwert;  
Gurbe-rige nûmer 16. Utjown mei stipe fan  
CRM. 172 bls. Priis: f 14.90.